



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

---

JIERGONG LIII nûmer 4

desimber 2004

ISSN 0166-6029

---

## TANKLIET

*Tank, Heare, foar it dagerea,  
foar d' iere glâns oer hiem en gea,  
foar 't bliid ferrizen  
út dream en dizen.  
Tank, Heare, foar it dagerea.*

*Tank, Heare, foar it middeisskoft,  
foar ljurkesang en lije loft,  
foar klokkelieden  
oer tier'ge mieden.  
Tank, Heare, foar it middeisskoft.*

*Tank, Heare, foar de wijde jûn,  
foar 't twilljocht dat ús sêft ferbûn,  
foar swiete mimer  
yn rêstge skimer.  
Tank, Heare, foar de wijde jûn.*

*Tank, Heare, foar de stille nacht,  
foar moanneljocht en stjerrepracht,  
foar golle frede  
troch jo genede.  
Tank, Heare, foar de stille nacht.*

*Grand Rapids, 2001.*

*Bearend Joukes Fridsma (1905)*

---

Samlers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: EUR 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: EUR 5,00. <http://www.lytsfrisia.cjb.net> Giro 1069535 op namme fan skathâlder JFM, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

Yn 1916 skreau Douwe Kalma (1896-1953), de oprjochter fan de Jongfryske Mienskip, syn ferneamde essay 'Fryslân en de wrâld'. Dat is ek de titel fan in koartlyn troch de Douwe Kalma Stifting útbrochte bondel essays. De oanlieding dêrta wie de betinking fan de fyftichste stjerdei fan Kalma op 18 oktober 2003. By gelegenheid dêrfan skreau de Douwe Kalma Stifting in essaypriisfraach út mei as tema 'De wrâld en Fryslân'. Ut alve ynstjoerings hat de sjuery (Goffe Jensma, Jelma Knol en Klaske Jaspers) trije winnende essays útsocht. Dy wiene skreaun troch Japke Stobbe út Molde yn Noarwegen, Johannes Spyksma út Sumar en Johannes Kramer út Sibrandabuorren. Mei it sjueryrapport en Douwe Kalma syn essay út 1916 binne de trije priiswinnende essays no yn boekfoarm ferskynd mei as titel 'Fryslân en de wrâld'. De bondel kostet 5 euro, eksklusyf ferstjoerkosten.

Bertus Postma:

*DE SLACH OM BITGUMMOLE*

**It stik.** Trije jier lyn sawat kaam yn in twapetear mei in GBMman de nammewiksel Beetgumermolen-Bitgummole te praat. As it doarp syn histoaryske namme weromhawwe woe, moast it de Rie der mar om freegje, wie syn iennichst betingst. De tarieding kaam op Doarpsbelang del, de Rie soe foar de slotjûne tekenje.

—oOo—

**De spylders.** De grutste fraksje, de GBM ûnder vader Jakob (Cats), hâldt al jierren in fêste, kontra-Fryske, koerts en oer doarpsnammen mocht út noch yn net praat wurde. Yn 2002 stiene CDA en PvdA mei de pet yn 'e hân by vader Jakob op 'e stoepe. Se woene alles wol dwaan, as se mar in wethâlder kriegen. It gie oan en sûnt dat akkoart yn it Catshûs baasspilet de GBM-oanfieder oer de Trije Feriene Fraksjes.

Mei it Evangeelje as paadwizer yn de polityk en mei syn fjouwerliddige grûnslach fan gerjochtingens, mienskiplike ferantwurdlikens, iensens en rintmasterskip soe it CDA rjocht by de trije lâns. En wiisd op it Alde en Nije Testamint, soene de Kristen-demokraten alhiel neffens de wet en de profeten it folk fertsjintwurdigje. Mar de mei in djoere eed swarde trou oan vader Cats wynde har raar yn 't liif om.

"De PvdA wol dat de gemeente einlings earnst makket mei de stimulearing fan it gebrûk fan de Fryske taal." (Ferkiezingsprogram 2002-2006.) Menameradiel koe de PvdA wol, dy ferspille yn 2002 545 stimmen en ien riedslid.

Ut it VVD-ferkiezingsprogram 2002-2006: "Der moat better nei de boarger harke wurde (...) De Nederlânske taal en kultuer moatte it binend elemint wêze yn ús maatskippij." Ik soe oars wol de frijheid hawwe wolle om der oars oer

te prakkesearjen. "Freiheit ist immer Freiheit der Andersdenkenden", mar oft de VVD oarmans frijheid ferdrage kin?

Fiif fan de fyftjin riedsleden hawwe de hege status fan folksfer-tsjintwurdigers: trije FNP'ers ûnder de Bitgummoolster Durk van der Schaaf - alris Kening Durk neamd - it PvdA lid Keninginne Klaske (Krijger) fan Bitgummole - by in kening heart in keninginne - en ien GrienLofts-man.

—oOo—

**De riedseale.** Yn 1620 makke Jan Piters Koen Batavia fan Jakarta. "Nu vragen wij ons af of Jan Pietersz. Coen niet zozeer een jongen van Jan de Wit, maar eerder een ake- lige onderdrukker was." <sup>1</sup> Yn 1963 moast en soe de Rie Beetgumer- molen fan ús Bitgummole meitsje, dat no freegje wy ús ôf, oft de ried- sleden fan doe net earst en meast aaklike ûnderdrukkers wiene ynstee fan jonges fan Grutte Pier en fam- men fan Johanne Liemburg.

Ik hie tocht, dat de tsjintwurdige Rie noch mei '1963' oan wêze soe en dat er ús it ûnrjocht fan desti- den mar al te graach fergoedzje woe. Lykwols is it klimaat yn it fermid- den bedoarn trochdat in kweageast yn de riedseale omwaret dy't gauris boppe vader Jakob hinget. It is de geast fan Ieme Miedema (1880-1936), jierren skoalmaster yn Menaam en in earsten JFM-hater. <sup>2</sup>

Seit Kening Durk fan 'foar', dan ropt earst vader Cats fan 'tsjin' en nei

him syn GBM en nei de GBM syn CDA en nei it CDA syn PvdA. Vader Jakob is safier hinne, dat er it skellen net litte kin, mei it wêze, dat er it nei de riedsgearkomste docht yn de Black Horse, rjocht foar it gemeen- tehûs oer.

—oOo—

**De tarieding.** Nei it petear mei de GBM-man soe ik earst mar by de fraksjes oan: GBM (18-12-2001), doe by PvdA, GL en CDA en lêst by VVD (17-9-2002). It gie foar wûnder. Op 'e VVD nei dy't gjin 'ja' en gjin 'nee' sizze woe, akkoarten se allegearre mei Bitgummole, sûnder ekstra bet- ingsten.

Yn de jiergearkomste fan Doarps- belang fan 13 maart 2003 hold it bestjoer him net oan de spulregels en dat wie reden om dêr neitiid beswier tsjin te meitsjen. Yn de jiergearkomste fan 11 maart 2004 kaam de nammewiksel jitrisk op 'e wurklist. It hiele doarp wie dêrfan op 'e hichte, dat elkenien koe mar stimme. Fjouwer folksfer-tsjintwur- digers en likefolle riedsleden sieten der op kop en earen by. Krapoan twatredde fan de gearkomste (40 fan de 61) woe wol fan Beetgumermolen ôf. De oare wyks al gie in skriuwen út nei de Rie om ús ús eigen namme werom te jaan.

Fuort mar wer by de fraksjes lâns om har it 'Bitgummole-akkoart' yn it sin te bringen. Keninginne Klaske, Kening Durk-en-dy en de GL-man seine fan 'ja', it CDA soe de nammewiksel net blokkearje, de

<sup>1</sup>Ljouwerter Krante, 25-3-2002, side 2.

<sup>2</sup>Ensyklopedy fan Fryslân 1958, side 689.

---

GBM prate wat yn 't wyld - Fryske doarpsnammen bestiene net echt - , de ferkearde helte fan de PvdA hie ynearsten ekstra betingsten - alle Hollânske doarpsnammen 'ferfryskje' - en de VVD sei noch gjin 'ja' of 'nee'.

—oOo—

**De slotjûne.** Yn de riedskommisje fan 1 juny kaam de GBM mei wat nijs: Bitgummole stie net yn it ferkiezingsprogram en dus koe 'it' neat wurde; it CDA wist neat mear fan it namme-akkoart en syn 'net blokkearjen' ôf en woe mei in útwynsel mar fan 'nee' sizze; it ferkearde PvdA-riedslid hie wer wat oars betocht -earst mar ris in breed besprek oer dy Friese dorpsnammen - ; de VVD wynde der mei in oar ferlechje foar wei.

Nei ôfrin fan de gearkomste feesten de Fjouwer Feriene Fraksjes fan GBM, CDA, heale PvdA en, foar it earst, de VVD yn de Black Horse, rjocht foar it gemeentehûs oer. Vader Jakob wie in tefreden man: Kening Durk hie de slach ferlern en dat ferr... Frysk wie keard. De sjampanje stie al klear, mar om't it selskip der net mei omgean koe, fleagen de koarken oan de souder ta en miste fuort de helte fan de goadedrank.

*Bitgummole,*

*20 septimber 2004.*

N.S. "Sjoen it feit dat der by de gemeente op dit stuit gjin draachflak is (...) sjogge wy der gjin heil yn noch langer tiid oan dit punt te besteegjen (...)"

---


*J. Jongma:*

## KOART BOEKENIJS (4)

☆ By de Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynde koartlyn de troch Harmen Wind skreaune roman 'It ferset', dy't yn 2002 yn it Hollânsk útkaam as 'Het verzet'. Dêrfoar krige de skriuwer de 'Debutantenprijs voor literair proza'. Foar de Fryske útjefte hat Wind feroarings en útwreidings oanbrocht.

☆ De Koperative Utjouwerij (Q) brocht 'It bêste lân fan 'e ierde' fan de yn Sumar wenjende Johannes Spyksma út. It is in samling essays oer de leefberens fan Fryslân.

☆ Utjouwerij Venus kaam mei in bysûndere útjefte op 'e merk: de roman 'De nije Sineeske muorre' fan Trinus Riemersma. It giet yn dy roman oer in nij aventoer fan Nier Hinnebruer en Dynte Planteit. Nier en Dynte binne gjin ûnbekenden yn de Fryske literatuer, want sy binne



---

de haadfigueren yn in rige romans fan R.R. van der Leest. Omdat Riemersma fûn dat de ein fan dy rige ûnbefredigjend ôfrûn, hat er sels mar in ferfolch skreaun. Dat de iene skriuwer fuortbordueret op it wurk fan de oare, kin in novum yn de Fryske literatuer neamd wurde.

☆ Utjouwerij Frysk en Frij brocht yn septimber twa útjeften fan Aggy van der Meer op 'e merk. It giet om in bondel fersen en in roman. De titel fan de earste is 'Wachtsjen op it daagjen' en de roman is 'Untdekking fan 'e wrâld'. It is de twadde roman fan Van der Meer. Yn 2002 ferskynde 'Lytse roman fan Jon Fels', dêr't ferline jier de troch harsels makke Hollânske oersetting fan útkaam.



Aggy van der Meer

☆ De yn Marrum wenjende Jelly Keekstra brocht har fjirde fersbondel yn eigen behear út. Dy hat as titel 'Ien fan ritme'. By elk fers is in troch de dichteresse sels makke foto opnommen. Jelly Keekstra debutearre yn 1994 mei de bondel 'Op 'e amme fan 'e wyn'. Dêrnei ferskynden 'Fleagen fan fielen' (1997) en 'By it lemieren' (2000).



☆ By de Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynde it troch Albert Kornelis Mulder gearstalde 'Yn en om it bûterfabryk' mei as ûndertitel 'Suvel yn de tweintichste ieu'. It boek jout in beskriuwing hoe't it yn en om in suvelfabryk om en ta gie en hokker ark der brûkt waard. De útjeftte is yllustrearre mei foto's en oare ôfbyldings.

☆ Op 11 novimber brocht útjouwerij Bornmeer de foar de jongerein ornearre útjeftte 'Trije Sinten, trije ferhalen' op 'e merk. De skriuwer is Mindert Wijnstra fan Warns. It binne ferhalen oer de trije hilligen Sint Marten, Sinterklaas en Sint Piter.

☆ De Fryske Akademy brocht yn gearwurking mei útjouwerij Penn de útjeftte 'Om priis en eare' op 'e merk. Yn it troch Gosse Blom gearstalde boek steane de útslaggen fan it skûtsjesilen troch de jierren hinne. Alle kampioenskippen fan SKS en IFKS komme oan 'e oarder.

---

☆ De troch de Friese Pers Boekerij útbrochte Merkel-rige - in rige fan eardere súksesfolle boeken yn pocket-foarm - waard ein novimber útwreide mei trije dielen. Dat binne: 'Feroaring fan lucht' (1971) fan Rink van der Velde, 'Thús in de maggi op' (1981) fan Hylkje Goïnga en 'It wrede foarjier' (1994) fan Durk van der Ploeg. De jiertallen jouwe it jier fan earste ferskinen oan.

☆ By útjouwerij Steven Sterk yn Utert kaam de Fryske oersetting fan de ferneamde 'Ilias' en 'Odysee út. De oersetting is fan Klaas Bruinsma dy't syn wenplak Aldemardum ferruile hat foar Drachten. De titel is 'Frysk Homêros'.

---

**Bertus Postma:**

**MR. GEART TUINSTRAS FERSTOARN**

Yn it begjin fan septimber waard ik fan in Teunissen skille, hy hie boadskip. Syn maat en lêzer fan ús LYTS FRISIA, Geart Tuinstra fan Badhoevedorp, wie de 25-ste fan junymoanne ferstoarn. Hy is 78 jier wurden. Ik haw him kend yn de jierren dat er lid wie fan it Amsterdammer studinteselskip 'Cygnus Resurgens'. Yn 1949-1950 wie er selskipsskriuwer. It wie de tiid fan it romrofte Skomkopkabaret fan Marten Brouwer, Sybe Sybesma en Hessel Miedema. Geart sil in Fries om utens west hawwe. Yn de studintejierren hie er syn fakânsje-adres yn Dimter, neitiid is er yn Hollân 'hingjen' bleaun. As rjochtskundige by de Amsterdammer sosjale tsjinst hat er de kost beskarrele. Noch ien kear haw ik him troffen, by in gearkomste fan de Bewegingsrie yn de Froupoarte. Hy stiet my by as in evenredich man, mei wa't hiel wol te praten wie; mei oare Cygnianen wie dat wolris in toer. Thús, hearde ik fan Teunissen, wie er gauris oan it pianospyljen. Ferskes dy't er sels makke hie, wiene allegearre yn skriften opskreaun. Ik haw syn maat op it FLMD wiisd, hy soe it der mei de bern oer hawwe.

---

## PROFESSOR FRIDSMA HUNDERT JIER

*Op 15 jannewaris hopet ús lid professor Bearend Joukes Fridsma, dy't al sûnt syn bernejierren yn Amearika wennet, hûndert jier te wurden. Bearend Joukes waard yn 1905 yn Skearnegoutum berne as soan fan in skûtsjeskipper. It jonkje soe letter in bekende Fries wurde, al wie it dan ek in Fries om utens. Yn Skearnegoutum is in strjitte nei him neamd: de Prof. B. Fridsmastrjitte.*

*Jan Jongsma*

Yn 1911 emigrearre de húshâlding nei Amearika. Bearend Joukes wie doe seis jier. Letter waard er professor oan it ferneamde Calvin College yn Grand Rapids yn Michigan, dêr't er Dútsk dosearre. Hy wennet noch altiten yn Grand Rapids.

Hoewol't er al 94 jier Amerikaan is, bleau de bân mei syn heitelân en syn memmetaal bestean. Dat blykt ek út de titel fan syn bondel tinkskriften 'Nea ferbrutsen bân' dy't yn 1991 ferskynde mei as ûndertitel '60 jier Fryske Aksje yn Amearika'. Twa kear kaam er werom yn Fryslân: yn 1948 en yn 1971. Yn dat lêste jier wie er hjir in pear moanne.

Yn Amearika hat Fridsma in soad skreaun oer Fryslân en it Frysk. Jierrenlang wie er redakteur fan 'Frisian News Items'. Dat wie in alle moannen ferskinend orgaan fan 'The Frisian Information Bureau', dat yn 1943 oprjochte waard troch him en de fan Makkum ôfkomstige Lolle Piers de Boer. Fan 1944 ôf wie Fridsma de lieder fan dat buro. Yn 'Frisian News Items', dat er foar in grut part út eigen bûse betelle, waarden de ûntwikkelingen

yn Fryslân op maatskiplik, polityk en kultureel mêd byhâlden. Benammen de Fryske kultuer en de Fryske beweging namen dêrby in wichtich plak yn. Fan it Kristlik Frysk Selskip 'Gysbert Japiks' yn syn wenplak Grand Rapids hat Fridsma in skoft foarsitter west en op Calvin College joech er kursussen Frysk foar de leafhawwers.

Syn memmetaal hat yn syn libben altiten wichtich west en is dat noch. Hy is lid fan ûnderskate Fryske organisaasjes, ûnder oaren fan de Jongfryske Mienskip, it Kristlik Frysk Selskip en de KFFB. Syn Fryske bibleteek is yndrukwekkend. Hy wol op 'e hichte bliuwe mei alles wat him op it Fryske mêd ôfspilet en sels is er op dat mêd ek noch altiten aktyf. Hy skreau fersen en ek makke er in soad oersettings út it Ingelsk yn it Frysk. Noch altiten is er mei it oersetten yn syn memmetaal dwaande. De lêste jierren hat er hiel wat lieten út it mânske lieteboek fan de Christian Reformed Churches, 'Psalter Hymnal', oerbrocht yn it Frysk. Gauris stjoert er syn oersettings nei dr. Bernard Smilde yn Ljouwert, dêr't er geregeld mei briefket. Smilde stjoert syn wurk dan op nei de redaksje fan

---

'De Fleanende Krie', dêr't geregeldwei sa'n oersetting yn opnommen wurdt. Yn dit nûmer fan 'Lyts Frisia' nimme wy ek in priuwke dêrfan op.

Ek al wennet er yn Amearika, syn tinzen binne faak yn syn heitelân. Yn it troch Tsjibbe Gearts van der Meulen neamde 'lân fan dream en winsken' is er Frysk strider en beweger wurden. Sa is fan him bekend dat er jierrenlang de gewoante hân hat, om by de betinking fan de Slach by Warns in groet ta bemoediging te stjoeren.

Yn oktober 1999 reizge ik mei it Burgumer Yntertsjerklik Mannekoar troch Amearika en in kameraploech fan Omrop Fryslân Televyzje reizge mei. Yn de ferneamde Pillar Church yn Holland (Michigan) waard troch it koar meiwurke oan in tsjerke-tsjinst. De tsjinst waard ek bywenne troch de doe 94-jierrige Fridsma, dy't beselskippe waard troch syn freon en eardere kollega professor Hindrik Baron. Hy geniete fan it optreden fan it koar út syn heitelân en nei ôfrin hie 'k in koart petear mei him. Doe die my bliken, dat er ferskuorrend goed

op 'e hichte is mei alles wat der yn Fryslân bart. Yn maaie 2000 hat Omrop Fryslân in nijsgjirrich televyzjeportret fan him útstjoerd. By gelegenheid fan syn hûndertste jierdei soe dat programma om my bêst werhelle wurde meie.

Ut namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip en de redaksje fan 'Lyts Frisia', dat er noch altiten mei niget lêst, sprekke wy de hope út dat er syn hûnderste jierdei in sûnens belibje mei en wy wolle Fridsma dêr tige mei lokwinskje. Boppedat wolle wy dizze Fries om utens tank sizze foar syn jierrenlange warberens en ynset foar de Fryske taal en kultuer yn it grutte lân, dêr't er 94 jier wenne en wurke hat.

Dizze Fryske strider om utens fertsjinnet lokwinsken mei syn hûndertste jierdei út syn heitelân, dat foar him yn it fiere Amearika yn de rin fan de jierren it echte 'lân fan dream en winsken' wurden is. Dêrom beslút ik mei it jaan fan syn adres. Dat is: Prof. dr. B.J. Fridsma, 1229 Sylvan Ave SE. Grand Rapids, Michigan, 49506 USA.





---

## MOARNS BY IT DAGEREA

*Moarns by it dagerea  
riist út myn hert de bea:  
Mei Jezus eare ha!  
Wat hjoed myn wurk ek is,  
wêr't ik my ek ta ris:  
Mei Jezus eare ha!*

*Heech boppe loft en wiet  
sjong' ingelen dit liet:  
Mei Jezus eare ha!  
Lit ek de minskewrâld  
him priizje tûzenfâld:  
Mei Jezus eare ha!*

*Lit swurk en stjerrebaan  
it machtich wjerlûd jaan:  
Mei Jezus eare ha!  
Lit loft en see en lân  
no sjong' yn hecht ferbân:  
Mei Jezus eare ha!*

*As 'k jûn yn sliiep fersink,  
wês dit dêr 'k lêst oan tink:  
Mei Jezus eare ha!  
De nacht wurdt as de dei  
as 'k biddend sizze mei:  
Mei Jezus eare ha!*

*Lit klinke klear en bliid  
oer ierde, fier en wiid:  
Mei Jezus eare ha!  
Lit rûzje ieuwenlang  
de wijde himelsang:  
Mei Jezus eare ha!*

*(Psalter Hymnal nû. 438. Ut it Dútsk likernôch 1800. Ingelske oersetting: Edward Caswall, 1858. Fryske oersetting: Bearend Joukes Fridsma, 1996.*

*(Yn it septimbernûmer skreau Marten Sikkema in artikeltsje ûnder de titel 'Frysk yn de útfërkeap' nei oanlieding fan it artikel 'Moderne taalnoarm posityf foar lêsbegryp en lêswille' yn it tydskrift 'Ut de Smidte' fan de Fryske Akademy. It gong oer in lêsbûndersyk ûnder 396 learlingen út de groepen 6 en 7 fan 18 Fryske basisskoallen. Doe't it septimbernûmer al opmakke waard, stjoerde Sikkema in taheakke by syn artikeltsje, dat wy hjirûnder no opnimme.)*

Yn 'Us wurk' 2004 jefte 1-2 stiet in knap wittenskiplik artikel fan P. Breuker oer itselde ûnderwerp, dêr't ik yn it foarige nûmer oer skreau. Op de folge wurkwize fan it ûndersyk hat er moai wat krityk.

Fan de fyftich ta dat ûndersyk útnoege skoallen hawwe mar tweintich meidien en dêr binne ûnderweis noch twa fan útfallen. By de achttjin oerbleaune skoallen "verdeeld over de hele provincie Friesland" is gjin diferinsjaasje (bgl. stêd / forinzedoarp / plattelân) oanbrocht.

De trije ferhalen dy't de learlingen lêze moasten, binne helle út in fertelboek fan sa'n tweintich jier âld en boppedat wat âlderwetsk fan taal mei't hja út 'It Ald Kammenet' komme...

De teksten fan de tuskenlizzende taalnoarm (tusken de tradisjonele en de moderne) binne in slach yn 'e loft, dat wol sizze alhiel net ferantwurde. De konklúzjes pro moderne taalnoarm blike net út de risseltaten fan it ûndersyk. De tradisjonele tekst fertoant in tal printflaters. De hiele ûndersykmetoade is wiidweidich mar de útkomsten binne ûndúdlik, stelt de hear Breuker fan it Frysk Ynstitút yn Grins fêst.

Neffens ús hie de Fryske Akademy der better oan dien, net mei soks foar it ljocht te kommen!



---

## PYT VAN DER ZEE-PRIIS FOAR ANNY VEENSTRA

**Yn 2001 waard troch de provinsje in 3-jierlikse toanielpriis yn it libben roppen. De priis is neamd nei de man dy't fan grutte betsjutting west hat foar it Fryske toaniel: de Pyt van der Zee-priis. De priis wurdt takend oan in persoan, in groep of in organisaasje mei bûtengewoane prestaasjes by it amateurtoaniel. Yn 2001 waard de priis takend oan de Jeugdteaterskoalle.**

*Jan Jongsma*

Dit jier waard de priis foar de twadde kear útrikt. De advyskommisje droech regisseuse Anny Veenstra fan Readtsjerk foar en Deputearre Steaten namen dat advys oer. Op 25 novimber rikte Deputearre Bertus Mulder de priis oan Anny Veenstra út.

Anny Veenstra hat har spoaren yn de Fryske toanielwrâld wol fertsjinne. Jierren wie se spylster by TRYATER. Dêrnjonken regissearre se amateurtoanielferienings. Nei't se ôfskied naam fan TRYATER wijde se har hielendal oan de rezjy en en ûnder har lieding waarden opfallende prestaasjes op 'e planken setten. Yn drege stikken út it wrâldrepertwaar seach sy in útdaging. "Har wurk karakterisearret him troch in útdaagjende repertoire, romme oandacht foar mise en sêne en muzikaliteit, in fersoarge toanielbyld en muzyk en in goede spilersbegelieding," sa stie yn it rapport fan de advyskommisje te lêzen.

De toanielferiening dy't Anny Veenstra it langst as regisseuse ûnder har hoede hat, is 'Tesselschade' fan Hurdegaryp. Se is moai op wei om dêr de fearnsieu

fol te meitsjen, want se regissearret der al 23 jier. Op dit stuit is se dwaande mei de rezjy fan 'One flew over the cuckoo's nest', it ferneamde toanielstik fan Dale Wasserman nei de roman fan Ken Kesey yn de Fryske oersetting/bewurking fan Tryntsje van der Zee as 'Ien fleach oer it koekoeksnêst'. It stik wurdt op 15, 22, 23, 28 en 29 jannewaris yn it Hurdegarypster doarpshûs 'De Schalmei' spile. Troch Anny Veenstra har rezjy is 'Tesselschade' yn 'e rin fan de jierren útgroeid ta ien fan de bêste amateurtoanielferienings yn Fryslân.

Sûnt 1996 hat Anny ek de rezjy op 'e noed fan it Burgumer iepenloftspul. Ek dêr komt se altiten mei stikken út it wrâldrepertwaar, dy't ferrassend útfierd wurde. Ferline jier waard ûnder har lieding in stik brocht, dêr't allinne mar froulju yn spilen: 'De Gidsen' fan Edward Montie yn de Fryske oersetting fan Tryntsje van der Zee. Mei dizze oersetster, de widdo fan de man nei wa't de toanielpriis neamd is, wurket se in soad gear. Kommend jier hopet se foar de tsiende kear it iepenloftspul te regissearjen.

Anny Veenstra hat de ôfrûne

---

jierren foar gâns Fryske premiêres soarge. Troch har krewearjen hat se in wichtige bydrage levere ta it op heger peil bringen fan it Fryske amateurtoaniel. Se wit mei har ploegen gewoan ferrassend toaniel fan heech nivo del te setten. Dei en

nacht is se mei toaniel dwaande en wa't geregeld troch har regisseurre toanielstikken by wennet, kin mar ta ien konklúzje komme: de Pyt van der Zee-priis 2004 is by de goeie persoan telâne kommen.

---

*Anneke Jousma:*

## OANTINKENS OAN US HEIT (VII)

*(Anne Jousma: 1900-1981)*

**D**oe't heit en mem út Fryslân wei hjir yn Den Haach kamen, hawwe hja al ridlik gau kontakt socht mei 'Rjucht en Sljucht', de feriening fan bûtenfriezen. 't Wie yn dy tiid in bloeiende klub: allegearre fier fan 'hûs', lange reistiden nei it heitelân en gjin telefoan. By 'Rjucht en Sljucht' fûnen klaaikers en wâldsijers elkoar. Der wiene toanieljûnen mei in eigen toanielploech, in sjongkoar en aparte gearkomsten fan de saneamde stúdzjeklub, dêr't heit de lêste tritich jier foarsitter fan wie en op syn minst wol 30 lêzingen hâlden hat. Oer de J.F.M., oer Kalma, ferskate Fryske skriuwers, skiednis fan Fryslân en de tiden fan Redbad. Ek hâlde er foardrachten oer en út eigen wurk: syn fersen en syn lettere romans.

De toanielploech hat ek wolris in stik spile, dat heit foar harren skreaun hie, bygelyks 'Kar út twa' en 'De Jonge'. It wiene hiele noflike jûnen. Wy as bern mochten letter ek mei nei de Willemsstrjitte. Foardat wy nei de iepening om acht oere it Frysk Folksliet songen, wie der by it ynkommen in pianist dy't lieten út it Frysk Lieteboek spile. Dy man hiet - en dat fûn ik wakkere moai - Tiggeelaar. Hy sloech der trouwens ek flink op!

Nei de iepening song it koar in stel lieten en dêrnei draafden de toanielspilars op: twa bedriu-

wen, skoft (mei boeketafel, kofjedrinken en nijsjesútwikseljen) en nei it tredde bedriuw dûnsjen foar de grutte minsken en wy nei hûs. Yn ús jonge jierren hawwe wy der faak hinne west.

Doe kaam de tiid, dat ik pianoles krige. Ik wie doe acht jier en myn learaar wie Albert Jager, de sjongmaster fan it Fryske koar, in Grinslanner trouwens. Heit hat in soad teksten oerset of nije fersen makke, dy't Jager op muzyk sette. Sa binne der aardich wat fjouwerstemmige sangen foar it koar ûntstien en útfierd.

---

Albert Jager wie teosoof en heit en hy hawwe hiele jûnen djipsinnige petearen hân dêr't ik, doe't ik wat âlder wie, mei nocht nei harke. Myn suster en ik mochten ek graach mei heit oer godstsjinstige of filosofyske kwestjes prate. Heit hat syn hiele libben oan 't sykjen west en dat kinne jimme fansels yn syn wurk werom fine.

Heit wie in lêzer en skriuwer, hie och sa'n gefoel foar skiednis en koe smout fertelle, mar wie ek technysk. Hy koe mei hammer en seage omgean (syn heit wie timmerman!) en elektryske hannelingen wiene him ek net frjemd. Hoefolle radio's hy ynelkoar setten hat, wit ik net, mar ik sjoch my by heit oan 'e tafel sitten mei doazen fol skroefkes (nijsgjirrich foar bern) en dan foar in tripleksplankje mei al-

legearre lampen en 'weerstanden' of hoe't dat guod dan ek mar hite mei. Hy wie dan mei koperen triedsjes en oanslutingen en de soldearbout dwaande om it spul oan 'e praat te krijen. Hy hie ek sa'n trochmjitapparaat mei in wizerke dat útslaan moast.

Letter, doe't earst Sus en ik letter op ússels kamen te wenjen, kaam heit del mei de tas fol ridskip en makke de oanslutingen foar lampen, radio, grammofon en televyzje ynoarder.

Heit wie ek hiel netsjes, alles hie syn eigen plak. As der bygelyks in wurdboek fan boppen helle wurde moast, nei it brûken daliks werombringe. Neat slingerje litte!

As ik my noch wat te binnen bringe kin, dan miskien oant in oare kear.

---

## *Wysheden of gewoan moai sein (6)*

- ♥ As 't keal fersûpt is, beneamt men in kommisje.
- ♥ "Jild jout ferstân," sei de abbekaats en hy liet him foarút betelje.
- ♥ Foar in slak en in hazze is it tagelyk âldjier.
- ♥ Altyd freegje rike lju, hoe't earmen oan it guod komme.
- ♥ As dy faam op ôfbraak ferkocht waard, wie se frijwat wurdich.
- ♥ Grutskens stiet in hynder goed, mar in minske beroerd.
- ♥ "Ik wol gjin hinnen ha," sei de man, "want dy klauwe efterút en ik wol foarút.
- ♥ Dy't himsels ferkrommelet, wurdt fan de hinnen opfretten.

*Heechachtbere Kommissaris,*

*Ik haw de foarljochting oan west om jo boargerjierferslach. Binnen 24 oeren krige ik it fan frou Teatske Beitske Rienks hjir yn 'e bus. Tige tefreden bin ik oer dy foarljochting, dêr't ik suver fêste klant bin. Allinnich it kaartsje 'met vriendelijke groeten' en sa wie ientalich Hollânsk en dat hie better kinnen. Lit sokke kaartsjes dochs ek yn de taal fan de minsken meitsje, se kostje grif gjin sint mear.*

*Side 9, lofterkolom. "De stemwijzer was overigens ook in het Fries te raadplegen." Dat 'overigens' is derbytroch, it is nochal fernederjend: ús sprake is wol lytser, mar net minder as it Hollânsk. Jo hearre dy der net mar wat bybongelje te litten.*

*Side 11, rjochterkolom. De nijjiersmoarns fan 1997 hat Fryslân syn eigen namme weromkrigen. Jo hâlde de lêzers no noch de ferâldere, ferkearde namme 'Friesland' foar.*

*Side 13, rjochterkolom. "Daarin (yn de taalnota, BJP) heeft de provincie zich als doel gesteld het gebruik van de Friese taal te bevorderen bij gemeenten (...)":*

- 1. Se hawwe my sein, dat it Sweachster boargerjierferslach 2002 dûbeltalich skreaun wie. De Dryltser en Snitser ferslaggen oer 2003 haw ik yn 'e hûs, beide dûbeltalich. Soks is fansels noch net sa't it wêze moat, mar in Fryske hân is ornaris gau stoppe.*

*Kinne jo jo de opskuor en reboelje yn de steat fan Missouri yntinke as de gûverneur dêr - ien fan jo Amerikaanske kollega's, om samar te sizzen - syn ferslach yn de taal fan de Noard-Koreanen skreaun hie? Hjir bleau it deastil doe't jo ferslach útkaam.*

*Foar de fan de Kroan beneamde jildt, dat jo de foarrider binne en de boargemasters de oplizzers, dat jo har yn ús sprake foargeane. Yn 'e werklikheid rieden de beide gemeentebestjoerders yn Drylts en Snits foarop en lieten jo jo fan har pyksette. De oare boargemasters tinke no fansels: lyk rjocht foar elk, wat Kommissaris docht, dat meie wy ek.*

- 2. Ik haw de gewoante, om nij-beneamde boargemasters, safier't ik se ken, te lokwinskjen en har der op te wizen dat se der foar alle minsken binne, net allinnich foar de ientaligen, mar likegoed foar de twataligen. Yn Balk, Ljouwert en Stiens liket it der op, dêr binne de bestjoerders al te taallearen; en no mar hoopje, dat se trochsette. En Snits. Frysk Fryslân is, nei jierren en jierren fan 'net sa wiis mei', wer oe sa wiis mei de*

---

twadde stêd fan ús lân. Mar yn Drachten, op It Fean, yn Menaam en Warkum, en sa, troanet in oar slach boargemasters. Te taallearen is oars net mear as 'eine Akt der H.flichkeit'. (Frou Gabriele Weber, kultureel attasjee fan de Dútske ambassade yn De Haach, Ljouwerter Krante fan 23 novimber 2001)

3. Fan it trúnjen fan jo Twiebaksmerk by gemeenten om mear omtinken oan de lânspraak te jaan, haw ik yn Menaam neat fernommen, wylst ik frij trou alle moannen de kommisjegearkomsten bywenje. En op 'e Jouwer giet it krekt de oare kant út as jo Provinsjehûs wol, op 'e Jouwer wurde de eigentalige personielsadwertinsjes ôfskaft. En de Snitser rie wol - sûnder reden en argumint - nul en neat witte fan 'Snitser Mar' en 'Geau', en sa. En yn de Menamer riedseale is de sinne ûndergien: "Keare dat Frysk, keare dat Bitgummole."

Side 14, lofterkolom. "In 2003 is een motie van het CDA aangenomen, waarin zij een nog actiever gebruik van het Fries voorstelde." Jo beare gâns mei dat 'nog', mear as ferantwurde wurde kin, tinkt my.

"Wat kunnen de gemeenten doen op het terrein van de Fryske taal en kultuer?" Jo be.nderen jo eigen frage sels: "Heel veel (...)" (Berie foar it Frysk, Oan de Slach, gearkomsteferslach fan 12 oktober 2000, Oranjewâld, side 17) As ik wat freegje kinnen hie, soe ik frege harwe: "Wat kin de Kommissaris dwaan op it mêd fan dy taal en kultuer?" Ik hie de frage sels wol be.nderje kinnen: "Gâns."

1. It hiele Ljouwerter kolleezje is al in jiermannich op les. De no âld-boargemaster frou De Boer: "Ik wol graach Frysk prate kinne mei de minsken." En de wethâldster frou Hafkamp: "Ik fyn dat deputearren yn Fryslân krekt as wethâlders Frysk prate moatte. Sokke bestjoerders hawwe in foarbyldfunksje." (Taal, tematydskrift nûmer 3, maart 2003)
2. De K.U.-moasje, 'foarbyldfunksje Provinsjebestjoer', yn de steategearkomste fan 18 juny 2003: "P.S. (...) noegje Kommissaris, Kolleezje en alle fraksjes út, ek op it mêd fan de Fryske taal it goede foarbyld te jaan troch it Frysk sprekken en skriuwen yn eigen fermidden mei alle midelen te stimulearjen (...)" Jo witte, hoe't it betearde is, hoe't de ientalige sûnders har sûnden net ôf hoegden te swarren. Ik haw jo alris sein: "Begjin ienfâldich, begjin mei soks as 'frou Van der Molen hat it wurd', 'ik iepenje de gearkomste', 'jo breidzjen dellizze, frou De Graaf', en sa.
3. Ut de profylskets foar in nije Kommissaris fan 'e Keninginne 7 septimber 1998: sy/hy behearsket yn koarte tiid de Fryske taal op syn minst

---

*passyf en is ree om binnen in reedlike termyn de Fryske taal aktyf behearskje te learen. Datoangeande haw ik yn in steatekommisjegearkomste de grutte fraksjes fan doe alris it leksum lêzen, mar dy wiene wat staf oan it ear dêr't se net mei hearre woene. Wat josels yn 1998 sein hawwe - 'akkoart' of 'gjin sprake fan' - wit ik fansels net. Mar fêst stiet wol, dat hûnderttûzenen fan Friezinnen en Friezen ferrifele binne. Kuiten wist it wol, 'polityk is net alles'.*

*En no de taal fan jo jierferslach oer 2003.*

- 1. Benammen jildt dêrfoar it steatestribjen nei lykweardigens, nei lykberjochting fan Friezen en Hollanners. Yn 1985 hat de provinsjale folkfertsjintwurdiging betocht, dat it earst mar ris ta moast op lykweardigens en lykberjochting fan Frysk en Hollânsk. (Fan Geunst nei Rjocht, side 51)*
- 2. Yn de rige fan fan de Kroan beneamde bestjoerders komt jo it foaropske plak ta, foar de boargemasters fan Drylts en Snits.*

*Sadwaande is jo kommend ferslach net iens dûbel- mar Frysktalich, alteast yn haadsaak Frysktalich. Want jo binne ek de Kommissaris yn de súdeast- en noardwesthoeken. Ut dy reden missteane twa siden yn it Stellingwarfsk en ien side yn it Biltsk yn jo ferslach net. Dat der foar harren dy't dy trije talen net lêze wolle/'kinne' in aparte, helte koartere, Hollânske gearfetting makke wurdt, is ek al wer net it alderslimste.*

*Mei Bitgummoolster heechachtinge.*

De measte leden en lêzers hawwe harren bydrage foar it jier 2004 betelle. Foar in lyts tal is dat noch net it gefal. Foar harren is opnij in strypke ynsletten. In freonlik fersyk om it lidmaatskipsjild (7,50 euro) of it lêzersjild (5 euro) sa gau mooglik oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. (Brûk net de ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan gauris berjocht, dat dy namme net

by it gironûmer past en dat it jild dus net oermakke wurde kin.)

Foar it earste nûmer fan 'Lyts Frisia' foar takom jier kin de kopij oant 15 jannewaris opstjoerd wurde. Wy tinke dan benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Foar it twadde nûmer fan 2005 moat de kopij foar 15 april binnen wêze. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar ynformaasje: tel. 0511463869.